



DE TREFFER

JIERGONG 52-3 MAART 2022

De Treffer

Foto's foarside
Treffer:
Henk Bootsma

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Jiergong 52 nûmer 3

maart 2022



Redaksje:

Tryntsje Bouma
Metsje Huitema
Willem Wijnia
Tjerk van der Pol
Fakatuere

Adres:

Gabbemastraat 21, 8701EE Boalsert
Swingoerd 33, 8731 CV Wommels
De Homeie 27, 8731 EC Wommels
Geins 5, 8731 CR Wommels

tillefoan:

06-21467278
0515-333295
0515-331444
06-40614250

Fêste stikjesskriuwers; Aant, Steven, Habtamu en Kees.

Ynternetredaksje:

Aant Hofstra: aant@vv-sds.nl
Willem Wijnia: willem@vv-sds.nl

Bestjoer:

Willem Wijnia De Homeie 27, 8731 EC Wommels
Tryntsje Bouma Gabbemastraat 21, 8701EE Boalsert
Henk Postma Stapertstrjitte 37, 8731 CA Wommels
Fakant
Syb Overal Streek 30, 8734 GR Easterein
Catharina Postma 't Bosk 34, 8731 BM Wommels
Bauke de Boer A.Joustrastrjitte 10, 8734 GJ Easterein
Jaap Toering It Noard 21A, 8731 BB Wommels
Marco Groothof Wynserdyk 43, 8734 GE Easterein

tillefoan:

0515-331444
06-21467278
06-51679033
06-33030042
06-19033966
0515-332555
06-10695193
06-10562399

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Foarsitter jongerein
Wedstrydsekretaris
Ledenadminstraasje
PR en Reklame
Sen./Technyske saken
Terrein/Skoalleseize

Jongereinkommisje: funksje:

Fakant Foarsitter
Anno Feenstra Algemiens lid
Christien van der Valk Algemiens lid
Dirk de Jong Algemiens lid
Pieter Kamstra Algemiens lid

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl
Ponghalder@vv-sds.nl
PRcommissie@vv-sds.nl
Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl
Ledenadminstraasje@vv-sds.nl
Sekretaris@vv-sds.nl
TC-foarsitter@vv-sds.nl
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl
Accommodatie@vv-sds.nl

=> Willem Wijnia
=> Henk Postma
=> Bauke de Boer
=> Syb Overal
=> Anco Elgersma/Catharina Postma
=> Tryntsje Bouma
=> Jaap Toering
=> Jongereinkommisje
=> Marco Groothof

Sponsor- c.q. PR-kommisje

Bauke de Boer
Hendrik Engbrenghof
Johan Postma & Allert Turksma

Shirtsponsoring, reklamebuorden en Freonen fan
SDS (PRcommissie@vv-sds.nl)
Treffer en webside
Wedstriidstipers SDS 1

jiergong 51 nr. 3

2

maart 2022

Wedstrydsekretariaat

Senioaren, seal en de jeugd:

Syb Overal, Streek 30, 8734 GR Easterein, tel: 06-33030042

Skiedsrjochterkoördinator:

Enne-Johannes Bruinsma, De Singel 12, 8734 HR, Easterein 06-29974138

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700
(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein:

Andries Stuiver

A.Joustrastrijtte 4, 8734 GJ Easterein

tillefoan:

0515-332872

Fersoarging materialen:

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Aktiviteitenkommisje:

Wa mar wol!

Bankrelaasje:

NL60RABO0349501033

Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferieningsnûmer KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:

		<u>Tillefoan:</u>
Easterein:	Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Fam. Sytsma, Roede 27, 8731 CT Wommels	0515-332905
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjoerd Boonstra, Hearedyk 59, 8735 HP Itens	0515-332457
Reahûs/Turns/Hidaard:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Hendrik Eringa, Wijniastrijtte 4, 8843 KM Spannum	06-52282533
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Auke Eringa, De Ljurk 13, 8731 EJ Wommels	0515- 332649
Oare plakken:	Metsje Huitema, Swingoerd 33, 8731 CV Wommels	0515-333295

Kontribúsje(per 1/1/2021) :

Senioren fjildfuotbal:	€ 70,-	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 49,-	it healjier
Junioren O19 en O17:	€ 55,-	it healjier
Junioren O15:	€ 46,-	it healjier
Pupillen O13 en O11:	€ 38,-	it healjier
Pupillen O9:	€ 33,-	it healjier

Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting

Dizze kontribúsjebedragen binne eksklusyf de bijdrage foar it kleanfûns. Dizze betreft foar senioarenleden €6,- en junioarenleden €5,- per heal jier.

By de earstehealjiers-kontribúsje wurdt ek €6,- foar de Grote Clubactie ôfskreaun.

Dizze 2 lotten krije je fan je leider en kinne efentueel je ferkeapje.

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.

Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong **fergees**.

In programmaboekje kostet foar leden, sponsers en freonen fan SDS **€1,-**.

Mei it nûmer fan it programmaboekje meitsje je kans op drûge woarsten.

Freonen fan SDS

Foar € 50,- yn it jier wurde jo Freon fan SDS. Jo krije dêrfoar ús klubblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd, jo komme op it 'Freonenboerd' en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtjings kinne jo skilje mei Bauke de Boer 0515-332555

Stipers

Mear ynformaasje by Bauke de Boer (0515-332555)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden**, aspirant **senioren (fjildfuotbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside www.vv-sds.nl fia "**oan-/ôfmelde**".

Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.

By fragen kinne je kontakt opnimme mei Anco Elgersma.

Ôfmelde:

Under de kop oan-/ôfmelde stiet ek de link foar as je je spitich genôch ôfmelde moatte/wolle Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder of sa)

Hjirfoar binne twa data: **foar 1 maaie** en foar **1 desimber**.

By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurde, dit is omdat SDS dan ek jild ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgende nûmer is:

Ein maaie 2022

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst oer de E-mail.

E-mail adres : detreffer@vv-sds.nl

Fan de Trefferredaksje

Hjir leit de nijste Treffer wer foar jim. 36 siden dik mei SDS-ferhalen, ynformaasje en reklame fan ús stipers.

Yn dit nûmer wurdt hjir en dêr al wat bekend makke wat der sa al plakfine sil y.f.m. it 75-jierrich jubileum fan SDS.

Allinnich dat is al de muoite wurdich om him efkes goed troch te blêdsjen.

Dêrneist ús fêste rubriken; SDS'er om ústens, Kees' Kollum, de SDS-look-alikes, it Kraammandsje, de Fruitmandsjes, de Alde Doazen, de Hite Nûtsjes, Efkes Foarstelle, Persoanlik, de Doelpuntenmakers, de Aginda en noch folle mear lyk as de SDS-Minileague.

Mar in soad lêswille tawinske en bliuw sûn!

(WW)



<p>SDS 75 jier</p>	<p>Keimpe en Hiekje bringe al 30 jier de Treffer rûn</p>	<p>In kraammandsje foar Dirk-Yde Sjaarda</p>
		
<p>side 6</p>	<p>side 17</p>	<p>side 30</p>

Ynhâld

Fan de redaksje..... 3

Fan it bestjoer 5

SDS 75 jier 6

Utneoging SDS-ledengearkomst..... 7

SDS'er om útiens; Feiko Broersma..... 8

In fruitmandsje bringe by Tjitse Postma.....11

Hite nûtsjes.....12

SDS 75-jier-doek, -boerd en -flagge14

Op syk nei âlde Treffers15

In fruitmandsje bringe by Jelmer Posthumus.....16

Keimpe en Hiekje bringe al 30 jier de Treffer rûn17

Efkes foarstelle oan Catharina Postma20

SDS-klean21

SDS-klean yn de útferkeap.....22

Persoanlik: Amarins Bouma.....23

De SDS-minileague dendert maar door25

SDS -Look-a-likes(33).....28

Kees'Kollum; 'Gerstekorrelsteek'29

In kraammandsje bringe by Dirk-Yde Sjaarda.....30

Slút je oan by GEKE en stypje SDS!31

De âlde doaze fan Bauke de Boer32

Ut de âlde doaze.....34

Doelpuntenmakers senioaren 2021-202235

Aginda.....36

Fan it bestjoer

Wat is it dochs moai dat wy no eltse sneon wer los kinne.

Je merke oan in soad minsken om je hinne dat sy it fuotbaljen mist hawwe en bliid binne dat alles wer oan de gong is. Ek moatte lju noch wenne oan de nije agenda. Hy stiet no wer fol mei fuotbalsneonen en dan bliuwt der

minder tiid oer foar oare dingen. It falt ús dan ek op dat it fuotbaljen faker ris ôfsein wurdt om ferskeidene redenen. SDS slagget der mei 5

manljusenoarenteams aardich yn om eltse sneon genôch ploegen it fjild yn te krijen, mar dat komt meast om 't ien fan de 5 frij is. Wy binne benijd hoe 't dit yn de takomst komme sil. Wat ús oanbelanget mei de kompetysje fan SDS 1 wol fan 14 nei 12 klups en by de rekreaasje teams wol fan 12 nei 10 klups. Sa hawwe je mear romte yn de agenda en hâld elkenien genôch nocht en tiid om te fuotbaljen. Hooplik docht de KNVB hjir ek wat mei.



Moai om te sjen dat der sa'n oanwas is by de jongste jeugd. No komme der alwer 2 nije teams út yn de kompetysje no 't de Minileague oerstreamd. De JO8-3 en JO8-4 binne no ek los.

De Korona hat it frouljusfuotbaljen net goed dien. De lêste jierren gie it net allinnich by SDS al wat minder mei it tal fuotbalsters, mar ek by klups yn de omkriten. Wy hawwe dat jierren opfange kinnen mei spylsters út de buert, mar it liket der op dat dit foar folgend seizoen net mear slagget. Spitich no 't wy twa goeie motifearde trainers foar SDS Vr.1 stean hawwe, mar hjir is neat oan te dwaan. In pear spylsters fan Vr.1 sille harren wol oanmelde by oare klups, mar wy fine it foaral spitich foar de jonge froulju dy 't harren júst by SDS sa thús fiele. Wy hoopje dat wy genôch froulju fine om yn elts gefal troch te gean mei in 7 tsjin 7-team. Sels SDS'ers dy 't op sneon by in oare klup fuotbaljen gean soenen hjir oan meidwaan meie. Dit soe wol in moaie trochstart wêze.

By SDS binne wy noch altiten op syk nei in nije jeugdfoarsitter. De nije jeugdkommisje besteande út Pieter Kamstra, Dirk de Jong, Anno Feenstra en Christien van der Valk hawwe taken fan him oernaam, mar hjirmei is net alles oplost. Mocht it je wat lykje lûk dan ien fan it bestjoer oan syn jas of hier. Ek as je leider of trainer wurde wolle of ris in wedstriidsje fluitsje bygelyks.

In fuotbalklup kin net bestean sûnder al syn frijwilligers. Hjir binne wy dan ek tige wiis mei. Wy kinne der noch altiten mear brûke.

Wy dogge it mei ús allen en sjogge jim dan ek graach op de SDS-ledengearkomst op woansdei 18 maaie!

Ut namme fan it SDS-bestjoer, Willem Wijnia, foarsitter vv SDS

SDS 75 jier



Op 10 augustus 2022 bestiet vv SDS 75 jier. Dit moat fansels fierd wurde. De jubikumkommisje mei Jesse van der Weide, Bote Strikwerda, Bauke Dijkstra, Hendrik Engbrenghof en Willem Wijnia is al drok dwaande mei de tariedings. Op sneon 26 febrewaris hawwe wy it earste feestje al fierd mei DJ Baggel en is der in SDS-doeck, SDS-flagge, SDS-boerd yn it ramt fan it 75-jierrich jubileum. Dêrneist soenen wy in sponserjûn organisere op freed 18 maart mei de trainer fan SC Cambuur, Henk de Jong, en Arjen de Boer fan Omrop Fryslân. Troch sûnensproblemen by Henk de Jong koe dit spitich genôch net te gean. Hoopje letter dit jier al in sponserjûn organisere te kinnen.

Wy wolle noch net alles ferklappe, mar dit stiet de yn elts gefal dit jubileumjier op stapel:



- sneon 23 april SDS 1 – Sneek-Wit-Zwart mei nei de tiid muzyk fan Gerrit Poortinga yn de kantine
- sneon 7 maaie reuny âld-SDS 1 kampioen 1979-1980
- sneon 14 maaie SDS 1 – Scharnegoutum 1 mei nei de tiid muzyk
- sneon 27 augustus SDS 1 –
- freed 2 en sneon 3 septimber it jubileumfeest

Mei it jubileumfeest op sneon 3 septimber is der sawisa in grut fuotbalmikstoernoai foar SDS'ers en âld-SDS'ers en wa mar meidwaan wol. Mei de tiid kinne jim it opjefteformulier wol fine op de SDS-webside. Foar de SDS-jeugd is der ek wat alderaadichst te dwaan. Hâld de webside mar goed yn de gaten!
(WW)

Útnoeging ledengearkomst

*fan fuotbalferiening SDS op woansdei 18 maaie 2022
Jûns om acht oere yn'e kantine op Sportpark de
Skoalleseize.*

Foarearste wurklist:

1. Iepening
2. Fêststellen wurklist
3. Meidielings en/of reaksjes op de notulen en it jierferslach **
4. Ferslach fan de sponsorkommisje
5. Ferslach fan de jongerein kommisje
6. Jierferslach fan de ponghâlder en fêststellen begrúting
7. Ferslach kaskommisje en beneamen nij kommisjelid
8. Fêststellen kontribusje

SKOFT

9. Bestjoersferkiezing: ôftredend en net op 'e nij te beneamen: Tjerk van der Pol (jeugdfoarsitter)
Ôftredend: Anco Elgersma (ledenadministraasje)
Oantredend: Catharina Postma
Ôftredend en op'e nij te beneamen:
Syb Overal (wedstrydsekretariaat)
Henk Postma (ponghâlder)
Marco Groothof (akkomodaasje)
10. Skoalleseize
11. Rûnfraach
12. Slúting

** It ferslach fan de foarige ledengearkomste en it jierferslach kinne jimme opfreegje fia info@vv-sds.nl

Sterk Door Samenspel; dus oan't sjen op woansdei 18 maaie!

It bestjoer. (sjoch foar de definitive aginda op www.vv-sds.nl)

SDS'er om ú tens; Feiko Broersma

Feiko Broersma kaam út Easterlittens, mar fuotballe jierren by SDS. Ynmiddels is hy alwer in pear jier stoppe en wy binne wol benijd hoe as it mei him is.



Hoe is it mei dy?

Mei mij giet it best!

Wêr wennesto no, wat foar wurk dochst en hast ek in relaasje en sa?

Ik wenje sûnt 2013 yn Ljouwert, yn 2016 hawwe wy in hús kocht yn de moaie wyk Camminghaburen. Yn 2019 bin ik troud mei Angela en at alles goed gean mei wurd ik yn septimber 2022 foar it earst heit.

Ik wurkje al hast 10 jier as manager bij Bewegingscentrum Leeuwarden, wer ik in hiel soad leuke dingen doch.

Do fuotballest hielendal net mear?

Nee, nei myn ofskied by SDS yn 2016 haw ik net mear fuotballe. Yn 2019 bin ik ek stoppe mei it keatsen, maar sportyf bliuw ik altiten. In rûntsje op de racefiets, fitnessse, spinninglessen jaan of in potsje tennissje mei myn bruorke Grietzen bard wol gauris.

Der nea wer oan tocht om wer by SDS te baljen?

De geselligheid fan it ouwehoeren yn de klaaikeamer haw ik wolris mist. At we ea miskien wer yn de buert wenje kin it sa wêze dat ik wer bij SDS oanslút, mar fanút Ljouwert is it foar no wat te fier en rjochtsje ik my op oare dingen.

Hoe sjochsto werom op dyn tiid as fuotballer by SDS?

Hiel positief, ik haw altiten in soad plesier hân. Ik haw fiif jier yn de jeugd spile, 2 jier B's en 3 jier bij de A-junioaren. Dernei 8 moaie jierren hân by SDS 1.

Wat wie dyn hichtepunt as fuotballer by SDS?

Yn de A-juniorentiid haw ik tsjin Bolsward bij een 0-2 efterstân in hattrick makke yn 7 minuten tiid. In goal mei de linkerfoet, rjochterfoet en de holle. Fierder fyn ik alle 5 jierren yn de jeugd ien grut hichtepunt. Ut de plakboeken fan myn heit wit ik dat ik yn dy 5 jier mear as 100 competitiegoals makke haw. Tegearre mei de grutte doelpuntenproduksje fan Jelmer Posthumus binne wy fêst faak neamd by de tsjinstanner as gefaarlike spilers om yn de gaten te hâlden.



Fierder kin ik mij nog goed herinnerje dat wy mei SDS 1 een spektakulêre wedstriid tsjin Balk thus spile haw. Wy wûnen uiteinlijk mei 4-3 wêrtroch Balk noch gjin kampioen waard. Ek de wedstriden dat wy ús op de lêste spyldei feilich spile hawwe yn de 2^e klasse wienen moai om mei te meitsjen.



In foto foar de betreffende wedstriid tsjin Balk op sneon 5 maaie thús tsjin Balk. Jim sjogge Balk, Jacob-Klaas Haitsma(bûcht foaroer), de pupil fan de wike Menno Brunia, assistint skiedsrjochter Klaas Pompstra, Jacob van Wieren, Jaap Toering, Harm Stremmer (op de rêch), Dirk-Yde Sjaarda, Feiko Broersma en Erik Haitsma op de foto.

Binne der ek djiptepunten west?

It is jammer dat we ut de 2^e klasse degradeard binne doedestiids, want dêr spilen wy altiten tsjin leuke oare klups, mar úteinlijk wie in treetsje leger op dat momint wol better.

Folgest SDS noch wat?

Ik folgje de webside altiten mei de weppers en de útslagen. Myn frou is no leerkrêft bij OBS de Opslach yn Wommels en hat ek bern yn de groepen dy't al bij SDS futbolje, dat fyn ik ek altiten leuk om te hearen.

Hoe sjochsto no as bûtensteander nei SDS?

De feriening is neffens my noch altiten gesellich mei in regiofunksje foar ferskillende doarpen. Hopelijk bliuwt der oanwas fanút de jeugd dat it in moaie grutte feriening bliuwt.

Hast ek noch kontakten mei (âld)SDS'ers?

Ik kom Pytrik Hiemstra wol gauris tsjin yn Ljouwert en ik bin no dosint fan Anco Bervoets foar de opleiding ta Fitnesstrainer. Dat doch ik ek al mear as 6 jier as ûnderdiel fan myn wurk.

Fierder sil ik bij de PC of Freule fêst bekende gesichten tsjinkomme.

SDS A1 2004-2005; herkensto se allegear noch?



Seker! Dit wie net myn fêste ploech, ik bin wat jonger as de measte fan dizze mannen. Ik haw mei in oantal ek net sa faak samenspile.

Klaas de Haan / Arjan Posthumus / Johannes Tichelman / Bote Strikwerda / Sjoerd Rispens / Geert Dijkstra / Pytrik Hiemstra / Hjalmar Ruiter / Tiemen Vermeulen / Jelte de Boer / Johannes Abma / ik zelf / Redmer Strikwerda / Arjen van Putten / Jelmer Posthumus, Thierry de Vreeze en Erwin de Boer

As lêste noch efkes: hoe sjocht dyn SDS-superalve der út:

Myn favoriete systeem is 4-4-2 mei de folgende 11 spilers:

Keeper: Jaap Toering

Ferdediging: Tseard Halbersma / Feite de Haan / Floris Hiemstra / Harm Stremler

Middenfjild: Tsjipke Okkema, Erik Haitsma, Mark Postma en Grietzen Broersma

Spitsen: Dirk Yde Sjaarda en Jelmer Posthumus

Trainer coach: mei Jaap de Blaauw haw ik prachtige jierren hant bij SDS.

Kinne wy dy alfêst opskriuwe foar it SDS-jubileum op 2 en 3 septimber?

Myn frou is rûn dy tiid útrekkene, dus pin my der net op fêst, mar at it kin is it seker de moeite wurdich om derby te wezen!

Feiko, tige by tige! Oant 2 septimber! (WW)

In fruitmandsje bringe by Tjitse Postma

Tjitse Postma sit yn syn earste jier by de senioaren en fynt hieltiten better syn plakje by SDS 2. Oant hy fan de ien op de oare dei krom rûn en wy him noch net wer op it fuotbalfjild sjoen hawwe. Wat is der oan de hân?



Wêr hast lêst fan?

In wervel yn de rêch dy't net hielendal lekker sit.

Hoe hast dat sa krigen?

Ik wie te trainen en doe skeat it by de warming up der al yn. Mar toch trainen bleaun. Dernei haw ik in wike mei it linker skouder op de grûn rûn. Nei in wike knapte it wer wat op en soe ik mei minimale pijntjes it wer probere. Dat haw ik witten, want nei 1 stap op it keurnstgêrs, skeat it der wer yn en wist ik wer in wike net hoe ik sitte, lizze en of stean moest troch de pine.

Doe fernaamdest lyk dat it goed mis wie?

De 2^e keer ferneam ik ynderdaad dat der wat mear oan de hân wie dan in lytse blessure dy't fansels wol wer oer giet. En dat ik mar efkes in skoftke net mear balje moast.

Hoe giet it mei dyn herstel?

It giet alwer een stik better. Mar nei in dei wurkjen yn Nij Stapert of de Jumbo fernim ik it wol wer lichtjes. Ik bliuw wol benaud foar it moment dat it der miskien wer ynsjit en dat ik dan wer een tiidsje net yn steat bin om oan it wurk te gean.

Giest ek nei de fysio en sa?

Ik bin by dokter west. En no sit ik by de fysio.

Wannear ferwachteto wer op it fuotbalfjild te stean?

Ik hoop sa gau mooglik wer werom te wêzen op it fjild. Ik sil dizze wike wer probearje te trainen en hoopje dat ik wer efkes yn de seal balje kin mei de jongens fan SDS seal 1.

Mei de 'frouljusfreedtejûn' stiest net allinnich efter de bar mar draaidesto ek plaatsjes. Kin it ek wêze dasto dêrtroch sa krom rûndest?

As barman en as je op de knopkes fan Spotify drukke moatte dan moat je serieuus mei je fak dwaande wêze. Dan kinne je net oan it bier, Willem.

Dúdlik Tjitse, in protte sukses mei dyn herstel!

Wy hoopje dy snel wer op it fjild te sjen! (WW)

Hite nûtsjes

Fynsto dy Koronakaart ek sa 'n goeie útfining by it amateurfuotbal?

De wat?



De Koronakaart! Dat je ien wedstriid ôflasse meie en dan sizze dat dat komt om't je Korona hawwe yn de seleksje.

Oooooooooooooo, dy Koronakaart! Dy meie je mar ien kear ynsette haw ik heard, mar der binne no al amateurklups dy 't him 2 kear ynsetten hawwe om 't der seleksjespilars op wintersport wienen of it fjild der net sa kreas by lei. It idee fan de KNVB hjir foar wie net sa gek, mar de útfiering troch de klups wie net om nei hûs ta te skriuwen. Wy meie der grutsk op wêze dat SDS him net hoefde te ferleegjen ta dizze praktiken.

Fynsto it ek sa sneu foar Promes?

Ja. ; Het zijn sterke schouders die de weelde kunnen dragen'.

“Wy meie der grutsk op wêze dat SDS him net hoefde te ferleegjen yn dizze praktijken.”

Soenen dy Russen noch altiten liik wêze op Oekraïne, omdat op it EK1988 it alvetal fan Rusland foar 98% út spilers fan Dynamo Kiev bestie en Oekraïëns wienen?

Tsja, it is slim genôch fansels. 1988, dat wienen nochris tiiden man. Marco van Basten, Ruud Gullit, Gerald Vanenburg, Hans van Breukelen, Adri van Tiggelen en sa kin ik noch wol even troch gear. Dy goals fan van Basten en Gullit yn de finale, geweldich!

Is it seizoen foar sc Heerenveen al slagge as sy thús fan sc Cambuur winne?

Dat fyn ik net. It seizoen kin noch wat glâns krije mochten we nei de winst yn 058 ek thus winne en uiteinlik boppe Henk de Jong syn ploech eindigje. Fierders ist dit seizoen te lang te griis. Al ha ik wol fertrouwen yn de takomst fan de klup en ek fan dit team.

Is it dien mei it tiidperk Ten Hag by Ajax?

Ten Hag hat in pracht fan in prestaasje levere en himsels as trainer absolút op de kaart set.

Hasto in idee wa't it eventueel oernimme kin?

Arne Slot liket my in hiele goeie opsje, mar dat sil him wol net wurde. Johnny Jansen is ek noch frij.....

Hasto wolris in dickpic krigen as hasto in 'poesie-album' fol?

Wat in ferstân. Wat giet der yn je om as je in foto fan je tampeloeres meitsje en dy dan nei immen ta stjoere?

Barcelona giet mei Spotify yn see en sil sels de namme fan it stadion oanpasse. Is dat ek wat foar de Skoalleseize?

Dat soe in bliksemgoed idee wêze al kinne je net samar mei elts bedriuw yn see. It moat ek by je passe. Spotify soe foar SDS wol wat wêze. Dan wurdt it sportkompleks gewoan; de Spotifyse.

“Do sjochst it al foar dy dat Lolke Bouma en Bauke de Boer yn harren Heerenveentenu by SDS it sportkompleks opkomme en jûchheie foar Maarten de Jong”

Fynsto it ek sa ferfelend dat der altiten safolle peuken by de yngong fan de kantine lizze?

Sa lang ik dêr net op bleate fuotten rin kin it wat lije, mar do hast ynderdaad wol in punt. Ik haw begrepen dat alle smokers by SDS in appke krigen hawwe mei de fraach om der foar te soargjen dat de peuken yn de jisketegel bedarje en net mear op de grûn. Dit hat de earste sneon al aardich fertúten dien, want it wie foar de kantine noch skjinner as de deis der foar. No soargje dat sy dit folhâlde.

Wat in pracht fan in jubileum flagge! Is der al wat bekind oer it programma yn septimber?

Jaseker! It moat hjir en dêr noch wat in ferrassing bliuwe, mar ik mei dy wol fêst sizze dat der bûten it jubileumfeest op 2 en 3 septimber miskien wol in wedstriid tusken âld-Cambuur en SDS 1 wêze sil op sneon 27 augustus yn Easterein. Wy binne benijd welke âld-spilers fan Cambuur der komme sille, mar it sil grif in spektakel wurde.

Âld-Cambuur? Wêrom net âld-Heerenveen?

Dit is om te foarkommen dat SDS-supporters foar de tsjinstanner jûchheien gean. Do sjochst it al foar dy dat Lolke Bouma en Bauke de Boer yn harren Heerenveentenu by SDS it sportkompleks opkomme en jûchheie foar Maarten de Jong. Dit moatte wy net hawwe. No binne wy der yn elts gefal wis fan dat elkenien foar SDS is. No allinnich noch sjen as dat âld-Cambuur wol doart.....

En 2 en 3 septimber?

Dat fertel ik dy letter noch wolris, mar op sneon 3 septimber is der sawisa in fuotbalmikstoernoai foar leden, âld-leden, supporters en wa der mar mei dwaan wol. Do kinst de fuotbalskuon wol fêst út it fet helje. En de dûnsskuon, want der komt sawol de freed as de sneons in alderaardichst stikje muzyk. Ik haw der no al nocht yn. Lykas yn hite nûtsjes!

SDS 75-jier-doek, -boerd en -flagge

Om alfêst te fieren dat SDS op 10 augustus 75 jier bestiet woenen wy as SDS-bestjoer graach iets om it fjild hawwe om der by stil te stean dat SDS dit jier 75 jier bestiet. Op sneon 26 febrewaris waard dit doek ûntbleate foar de wedstriid fan SDS 1 – Heerenveense Boys 1 op de earste sneon dat de measte Koronamaatregelen fan de baan wienen.



Henk Walda, Pyt de Jong, Wouter Hijlkema en Jelle de Boer hawwe it SDS 75-jier-doek ûntbleate. Freddie Scheltema en Klaas Okkema koenen spitch genôch net oanwêzich wêze.

Op it SDS 75-jier-doek sjogge jim in foto dy't heechstwiarskynlik nommen troch Frans Andringa fan it Frysk Deiblêd. Op dy foto sjogge jim: Jelle de Boer (komt oanrinnen), Pyt de Jong (rint fuort), Henk Walda (mei de fuotten omheech), Freddie Scheltema (foar op de grûn), Klaas Okkema (allinnich syn broekje sichtber), Wouter Hijlkema (opkrabbeljend) en op de eftergrûn trainer Joop de Boer. It is in foto út it seizoen 1978-1979. SDS wûn mei 2-0 thús fan Broekster Boys. Klaas Okkema en Wim Bakker makken de goals. De SDS-supporters wienen aardich oanwêzich yn dizze wedstriid.

Foar ús komt op dizze foto alles nei foaren wêr as SDS foar stiet.

Sterk Door Samenspel; Meielkoar wille hawwe troch mei syn allen te fuotbaljen wat op dizze foto resulteard yn in doelpunt wat je dêrnei mei syn allen fiere.

En wêr past dit better dan op it plak wêr meast ús meast fanatike supporters sitte of stean; de 'Bunnik-side'.

Dêrnei waard ek noch de SDS 75-jierflagge ophongen.



En it skoreboerd is opkreaze:



Op syk nei âlde Treffers

Wy binne noch altiten dwaande om ús Trefferarchyf kompleet te krijen. De measten binne al werom te finen op de SDS-side.

Dit stiet ûnder: www.vv-sds.nl-klupyinfo Hjir steane hast alle Treffers fan 1970-1999 en alle Treffers fan 2000 oant en mei no.

Wy hawwe se dus noch net kompleet. Sa misse wy ûnder oare nûmer 1 en 2. Soe der noch immen earne op souder, yn de kelder, yn de klús of yn in âld sok dy earste eksimplaren hawwe? Wy hoopje it!

Dizze Treffers misse wy noch:

- Treffer novimber/desimber 1980
- Treffers út 1977
- Treffer nûmer 10 1974
- Treffer nûmer 6 1972
- Treffer nûmer 3 1971
- Treffer nûmer 1 1970
- Treffers út 1978
- Treffer nûmer 9 1974
- Treffer nûmer 8 1973
- Treffer nûmer 5 1972
- Treffer nûmer 2 1970

Hawwe jim noch sa'n âlde Treffer lizzen, nim dan kontakt op mei Aant Hofstra fia de mail: aant@vv-sds.nl

In fruitmandsje bringe by Jelmer Posthumus

Jelmer Posthumus fuotballe sa noflik by SDS 3, mar sûnt 26 febrewaris hawwe wy him net wer op it fjild sjoen. Wat is der oan de hân? Wêr hat hy lêst fan?

Wêr hast lêst fan?

Van Poetin en zijn volgelingen. Voor de rest aardig fit aan het worden. Maja door eventuele inzet (Jelmer sit by it leger, red.) heb ik met een dubbel gevoel er toch voor gekozen om het risico niet te nemen voor een eventuele blessure.



Hoe is dat sa kommen?

Ja iets met het ineensstorten van de Sovjet-Unie in 1991. Steeds meer landen van het oude Sovjet sluiten zich of willen zich aansluiten bij de NAVO. Dit tegen het zere been van Vladimir. Hij ziet de NAVO als dreiging, zeker wanneer die (NAVO) onbelemmerd raketinstallaties kan neerzetten op NAVO-gebied.

Fernaamdest lyk dat it mis wie?

Nouja toen de troepenmacht zich eind vorig jaar steeds meer begon te vestigen aan de grens, rukte je al een beetje onraad.

Bist ek foar dysels oan it trainen?

Jazeker, samen met de zoon (Erik) van oud trainer Henk Mulder zijn we flink wat kilometers aan het maken en af en toe wat gewichten tegen het plafond aan het gooien.

Wannear ferwachteto wer op it fuotbalfjild te stean?

Ik hoop zo snel mogelijk.

Wat mist no it meast no ast net fuotballest?

Een doelpuntsje vieren met de teamleden en ik mis de kleedkamerhumor.

Jelmer, in protte sukses tawinske!

Wy hoopje dy hiel gau wer op it fjild te sjen! Dat soe foar de hiele wrâld better wêze.

(WW)

Keimpe en Hiekje bringe al 30 jier de Treffer rûn

We fuotballe wer, de krokussen komme út, de maatrigels bin de doar allegear út, de moaie tiid komt der wer oan...

Want it sintsje begiet folop te skinen, dus heech tiid om bepaalde minsken yn it sintsje te setten. Wy litte it net samar foarby gean, dat Keimpe en Hiekje Meijer 30 jier yn trouwe tsjinst binne fan SDS. Sy bringe sûnt 1992 de Treffer rûn by de leden fan 'e helte yn Easterein.

Fanút de Treffer kamen we efkes del foar in bakje, fansels mei in blomke.



30 jier de Treffer rûnbringe, dat is nogal wat. Hoe is dat sa kaam?

Keimpe siet earst in oantal jierren yn it bestjoer fan SDS. 'Yn '92 hold ik der mei op. Doe woe ik wol wat oars betsjutte foar SDS en sadwaande bin wy troch Bauke de Boer frege om de Treffer rûn te bringen. Dat we no al 30 jier fierder binne, hiene wy ek net betinke kinnen. Neist it rûnbringen fan 'e Treffer hieden we ek in ôfskiekado foar SDS, tegearre mei Enno Bruinsma ha we trije jûnen bekers poetst yn 'e kantine. Doe wie der noch ien grutte wand mei sulveren bekers, we ha se doe allegear troch de hân hân.

Jim bringe rinde de Treffers rûn, hoe dogge jim dat tegearre en hoe hâlde jim it fol?

Meastal komme de Treffers op freedtejûn, dan dogge we lyk sneontemoarn in rûntsje en ha we ûngefear in oere wurk. Hiekje de iene strjitte en Keimpe de oare strjitte en dan komme we elkoar healweis wer tsjin. Nei dat rûntsje stappe we yn 'e auto en dogge we de leden dy't búten Easterein wenje. We hâlde de list der faaks wol by, somtiden binne der wolris feroarings. Keimpe hat it fan te foaren al efkes berekkene: fan 'e Gouden Ingel oant en mei Skrok (de pleats wêr fam. De Boer wenne) is 10 kilometer hinne en wer werom. As de Treffer 8 kear per jier komt, dat 30 jier lang, komme we op 240 km. Dat is twa kear Parys op en del...

'We ha it der wol oer hân om te stopjen, 30 jier is sa'n moai rûn getal. Mar ik liuw dat we noch mar efkes trochgean. Oars rinne we in rûntsje de Pôle om, mar no dogge we in rûntsje Treffers, dan ha we ús loopke ek wer hân. As we it noch 30 jier folhâlde, dat betwyfelje wy, mar neffens ús soan Hille kin wy it noch makkelijk efter de rollator'.

Keimpe en Hiekje fulle elkoar de hiele tiid oan, it is moai om te sjen en hearren dat se sokke saken echt tegearre dogge. Keimpe jout oan dat hy, yn syn tiid yn it besjoer, ek net sûnder Hiekje koe. Keimpe wie wedstrydsekretaris en sa makkelijk hoe't it no fia in app giet, gie it doe net.

'Hjir oan'e Griene Leane en by Wommels by v/d Velde hongen kastjes. As der dan in wedstryd útfoel, moasten wy dat fia in briefke dêr delhingje. Dan koe it team lêze dat se net hoegden te spyljen. Op reinige sneons bin ik somtiden wol 4x nei Wommels fytst, eltse kear wer in oar tillefoantsje fan in klup. Dêrneist moast eltse sneon, de formulieren opstjoert wurde. Hiekje brjocht dizze dan op 'e brievebus neidat alle wedstriden útspile wieden. It wie in hektische tiid, mar wol hiel leuk.'

Hoelang hasto yn it bestjoer sitten Keimpe?

'Ik liuw 7 jier... dat wie in gek getal, mar dat kaam in bytsje troch Enno. Doe't wy yn it bestjoer sieten, krych Enno it idee om it sportpark oan te pakken, de fjilden leine der doe hiel oars by as no. Dat probearden wy ûnder de oandacht te bringen. Tegearre mei wat oare mannen ha we dêrom by oare klups in besite brjocht, hoe sy dat dien hiene. Sy fertelden dat it wol 8-10 jier duorje kin. Enno en ik joechen oan: wy gean net earder út it bestjoer, wannear dit klear is. Tenminste, dat joech Enno oan en ik gie deryn mei... We hiene de mazzel dat de gemeente krekt in soart fan projekt socht en wy wiene dêr tige geskikt foar. Dus it duorre mar 2-3 jier úteindelyk. Fansels is der no alwer in boel feroare, mar foar dy tiid wie dat moai.

Falt jim fierder noch wat op oan'e lêste 30 jier?

Fansels binne der no wat minder Treffers yn omloop, se komme wat minder faaks út. En SDS hat no in side wêrop we hast eltse dei stikjes lêze kinne. Der binne net spesjale as spesifieke saken wêr wy tsjinoan rinne.

Dochs hawwe se noch wol in tip:

Komme der nije minsken yn it doarp wenjen? Dan bringe wy graach in Treffer by se. It soe moai wêze as wy der dan in briefke by jaan kinne wêrop se iets oanfreegje kinne. 'Ik wol graach fuotbalje / ik wol graach de Treffer ûntfange / ik wol wol bartsjinst draaie yn de Skoalleseize'. Wy witte wol wa't der nij is yn in doarp. Fjirder kinne wy as doarp net sûnder frijwilligers!

Beide binne noch yn aksje en se ha it ek jierren dien. Dit ha se ek mei joen oan hun bern en sy bin ek tige aktyf yn it ferieningslibben.

Jim lêze jim earst wol efkes yn foardat jim it nijs ferspreide nim ik oan?
Jaseker, wy helje der earst altyd efkes 2 út en nimme dy efkes troch foardat we se rûnbringe.

Dus mocht der iets fan it ferhaal net wier wêze, dan krijt de iene helte fan Easterein gjin Treffer yn 'e bus...

Tige tank foar jim tiid, wille, ferhalen en tips. Wy hoopje dat jim noch in soad jierren foar ús rinne wolle.

(TB)



Sporthal & Sportkafé

De Greidhoeke



0515-332290

info@degreidhoeke.frl

www.degreidhoeke.frl

Follybal - Tennis - Badminton -
Sealfuotbal- Basketbal - Kuorkebal
- (Moorre)keatsen - Gymnastyk

Efkes foarstelle oan Catharina Postma

De ôfrûne 5 jier hat Anco Elgersma de ledenadministraasje dien. Sûnt oktober hat Catharina Postma syn taken oernaam wêrby Anco op de eftergrûn is om fragen te beantwurdsjen. Catharina liket it al aardich ûnder de fingers te krijen en wy sjogge har hieltiten faker op it sportpark. Mar wa is Catharina no eins?



Kinsto dy efkes foarstelle?

Myn namme is Catharina, bin 35 jier âld en wenje yn Wommels. Mem fan dochter Emma (4), dy yn it wiekein bij my is. Yn it deistige libben wurkje ik as magazijn medeweker bij Koskamp Automaterialen.

Wat hasto mei SDS?

Doe't in freondinne fan my wol wer fuotbalje woe, kaam dit regelmatig ter sprake. It like my altiten wol leuk om in teamsport te dwaan, mar nea de stap setten. As je dan as Wommelser fuotballe wolle, dan is de logyske keus om by SDS te fuotballen.

Wat hasto mei fuotbal?

Ik hie der nea net safolle mei, mar myn freonen wol. Doe 't foarich jier it EK wie, sieten wy faak nei de wedstriden te sjen, en sa bin ik wat oanstutsen mei dat firus. Freegje my net wat bûtenspul is, of wat foar yngewikkelde spulrigels der mear binne. Mar ik fyn it no leuk om te sjen. En leuk om te dwaan.

Do fuotballesto dus sels ek?

Jaseker. Sûnt septembar train ik mei VR.3. It is in leuke ploech froulju. Rekreatief mei in tikje fanatyk en in soad gesellicheid.

Wat is dyn earste yndruk hjir by SDS?

Leuke gemoedelijke club, en freonlijke minsken.

Giet no alles fan de ledenadministraasje digitaal?

Ja, úteinlijk wol. Tsjinwurdich ûntkom je dêr ek hast net mear oan.

Is it no ek sa dasto daliks eltse dei op de Skoalleseize omslachst?

Nee, dat net. Net omdat ik it net gesellich fyn, mar kom hjir en der wol ris wat tiid tekoart.

Wy winskje dy in protte wille ta mei de ledenadministraasje!

Bedankt! Leuk om op dizze manier wat foar de club te dwaan.
(WW)

SDS-klean (1)



Wolle je ek yn SDS-klean rinne of in moaie SDS-tas of sa bestel dit dan op ús webside www.vv-sds.nl sjoch rjochtsûnderyn en druk op:



Dit is der allegear te krijen:

SDS-tas: €33,-

SDS-rugzak: €31,-

SDS-trainingspak: €42,-

SDS-trainingsbroek: €25,-

SDS-trainingsbroek kort: €18,50

SDS-sweater: €25,-

SDS-midjack: €47,50

SDS-trainingsshirt dry-fit: €21,50

SDS-polo: €21,-

SDS-hooded sweater €32,-

SDS-hooded damesvest €32,-

Op fersyk fan SDS leden kin der ek losse trainingsbroeken besteld wurde.

Binne jim fan plan noch SDS klean te keapen, skilje dan efkes nei:

Douwe Dirk Reitsma (332500), want SDS hat wat SDS-klean op foarrie.

Hjir kin efentueel ek past wurde.

SDS-sjaals

Der binne noch altiten SDS-sjaals te krijen. Sy koste €12,- en binne te krijen by Douwe-Dirk Reitsma:

Tel: 332500

of mail nei

douweenjetreitsma@hetnet.nl



SDS-klean yn de útferkeap! (2)

Der lizze noch wat SDS-klean op foarried dy 't wy graach kwyt wolle. Dizze klean wurde ferkocht foar de helte fan de priis.

Skilje mei Douwe-Dirk om te hearen as je wat hawwe wolle.

Dit binne dan de prizen:

Trainingspakken	€ 20
Sweaters	€ 12,50
Workshort (koarte broek)	€ 10
Workpant (trainingsbroek)	€ 12,50
Hoodies (sûnder rits)	€ 15
Hoodies (sûnder rits)	€ 15
Ladys vest (mei rits)	€ 15
HPCL (mei rits en capuchon)	€ 20

Op = op!



De SDS-sokken binne net yn de útferkeap. Dizze binne wer eltse sneon te keap yn de bestjoerskeamer foar €10,-


SDS-paraplu

Der binne folop SDS-paraplú's te krijen. Sy koste mar €15,-.

Sy binne net allinnich ideaal om mei hjerstich waar oan de kant fan it fuotbalfjild op te hawwen, mar kinne ek tsjin de sinne brûkt wurde.

Oan de SDS-paraplu sil it net lizze.

Bestel se fia info@vv-sds.nl. Sy binne ek yn de bestjoerskeamer te krijen.



Persoanlik

Wy stelle jim graach foar oan: Amarins Bouma	
Namme	Amarins (Aukje) Bouma
Berne	15 – 11 - 2011
Yn Wommels, Easterein as....	Easterein
Skoalle	CBS de Foareker
By SDS sûnt	2017
Team	JO11 (mix)
Gjin fuotbal, dan...	Reedriden of fierljeppen
Favorite klup Nederlân	Ajax
Favorite klup bûtenlân	Barcelona
Beste trainer	Luka van der Weg
Beste fuotballer yn Nederlân	Lieke Martens
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Hakim Ziyech
Favorite fuotballer SDS	Bartele en Tsjalling (myn broers)
Beste keeper	André Onana
Favorite posysje	Verdediger
Sterkste punt	Verdedigen
Swakste punt	Op de goal / Keepen
Moaiste stadion	SC Heerenveen
Idoal	Lieke Martens

Hichtepunt	Dames wedstrijd Nederland-Slowakije
Djiptepunt	Kin ik sa net betinke.
Moaiste goal	Kruising
Skoudertriuw as tackel?	Skoudertriuw
Boas om	Dat er niet serieus getraind wordt.
Flinters yn de búk fan	Niemand
Tillevysje	De alleskunner
Muzyk	Snelle
Lekkerste iten	Sla en Pizza
Minst lekkere iten	Champignons
Bakje patat of broadsje sún?	Bakje patat
Drinken	Ice tea Green
Spulkompjoeter of bûten boartsje	Bûten boartsje
Favorite game	Stumble Guys
As ik skoar dan fier ik dat sa....	Juichen
Cambuur of SC Heerenveen?	Ajax
Kampioen Eredivisie 2021-2022?	SC Heerenveen
Moaiste sjurt	SC Heerenveen
Lelijkste sjurt	Feyenoord
Fuotbalskuon	Nike
Rjochts of lofts?	Rjochts
Gers of keunstgers?	Gers
At ik letter grut bin dan....	Boerin en schooljuf

De minileague dendert maar door

Zaterdag 19 maart zijn er opnieuw twee teams ontstaan uit de mini league. De O8-3 en de O8-4 zijn officieel ingeschreven voor de voorjaarsreeks van de KNVB. Dat betekent dat al die toppers weer een nieuwe stap zetten op weg naar PSV of Heerenveen en degene die dit net niet zullen halen naar AJAX, Feyenoord of Cambuur. Ze hebben in ieder geval al wel allemaal in het oranje shirt en het Heerenveen-shirt kunnen spelen. De minileague slinkt met die stap weer iets af. We houden nu 8 toppers over voor de training op woensdag en de mini-league op zaterdag. We hadden er op het laatst ook 24 en dat is was wel wat druk, maar we zijn natuurlijk blij met elk kind wat bij onze club komt voetballen en we zijn net zo blij dat nu een groot deel in een echt competitie-team zit.

Voordat we de nieuwe O8 toppers uitzwaaien, een kleine bloemlezing. Want ja, er gebeurt eigenlijk elke training of wedstrijd wel wat leuks. Zo hebben we Dianthe, die graag tijdens de wedstrijd de bal in handen mag nemen. Je ziet niet alleen het voetbaltalent van haar vader, maar ook al de aanleg voor het edele kaatsspel, wat ze van moeders heeft! Dan Idsert, zoon van een kapster, kwam halverwege de wedstrijd het veld aflopen naar mij toe, wees op mijn niet zo weelderige haardos en vroeg gedecideerd: "Had Tjerk syn hier wol kamt fannemoarn?" Je moet er maar ruimte voor hebben tijdens zo'n spannende pot. De neefjes Wagenaar doen ook mee. Gelukkig lijken die twee wat minder sterk op elkaar dan hun vaders, zodat ik Luc en Niels wel gewoon uit elkaar kan houden. En als ik het verkeerd zeg, dan hoor ik dat ook meteen! Dan hebben we nog Samme, Djurre en Siem. Die kijken graag de kat nog wat uit de boom. De eerste tekenen dat ze echt het sporttalent van hun ouders wel hebben meegekregen zijn zichtbaar. Het spelen in een team en de skills om te snappen wat de trainer nu weer bedoelt met al die moeilijke oefeningen zijn in de ontwikkel fase. Tot slot Renske. Die houdt in haar kledingstijl altijd rekening met welk shirt er op de club voor haar klaarligt. Vooral de combinatie oranje (ek'88) shirt afgekleed met een roze t-shirt met lange mouwen is oogverblindend mooi!

Zij blijven allemaal, maar wie zwaaien er af:

Naar de O8-3 gaan: The one and only Melle. Met perfecte slidings en een kiezelhard schot is hij de schrik van elke vereniging in de wijde omtrek. De combinatie met Fender is er één om in de gaten te houden. Als die twee los zijn, is er geen keeper meer die hun tegen kan houden. Quin, nog zo'n topper. De parel van het middenveld. Tygo, altijd enthousiast en behept met een fluwelen rechterbeen. Dan Ynse Fedde, het breekijzer op rechts. Schuwt geen enkel duel om de bal, sterker nog, als de bal niet in de buurt is, gaat hij nog met verve het duel aan! Lennert, de sluwe vos uit Itens, duikt op waar niemand de bal verwacht en staat altijd op de juiste plek. Ids, aandeelhouder van de aanstaande hoofdsponsor van SDS, 'Bouwschoon' heeft zijn tv-debuut er al opzitten. Die is later echt niet meer bang voor zijn eerste eredivisie-duel wat live

uitgezonden wordt. Sjoerd Jinte, de stylist van het team. Gracieus waaiert hij over het veld, altijd met de blik op de bal, altijd aanspeelbaar. Brent sluit de gelederen bij O8-3. Het geheime wapen, overal inzetbaar. Bekend van zijn overzicht over het geheel. Ik ga ze missen. Andries en Gerrit nemen het stokje van mij over, komt zeker goed! Veel succes jongens!



SDS JO8-3 vlnr: Ids, Lennert, Andries, Fender, Quin, Gerrit, Ynse Fedde en Melle. Niet op de foto Brent en Sjoerd Jinte

Dan de O8-4. Het Kubaarder duo Jesse en Sinne zwaaien daar de scepter. Sinne vaak in een glansrol als keepster, Jesse strijdend om elke bal en heel doelgericht. Wout, de Haaland (zie verderop in dit magazine) van de lage landen. Wat een neusje voor de bal én de goal heeft die man, wonderbaarlijk. Altijd geflankeerd door enerzijds Mika en anderzijds Redmer. Ik zag de mannen van SDS 1, toekijkend langs de kant bij een oefenwedstrijd, al bibberend van angst voor hun plek... nog maar een paar jaar jongens, dan wordt dit trio het nieuwe middenveld! Tys, de stofzuiger, waar zelfs Willy vd Kerkhof in zijn beste jaren nog iets van zou kunnen leren. Geen aanvaller komt er langs. De vrolijke noot in het team, Niels, absolute sfeermaker, maar vergis je niet, hij zoeft je zo voorbij! Last but not least Lisa, exponent van een nieuwe generatie voetbalvrouwen. Dit wordt er één hoor! Flegmatiek en op sierlijke wijze beroert zij de bal, waarna hij altijd daar terecht komt, waar de vrije man/vrouw is te vinden. Onthoud deze namen mensen! Hier zijn Dirk en Harm

de juiste mensen op de juiste plek om deze toppers vooruit te helpen. Ook jullie veel succes en ik mis jullie nu al in de mini-league, maar live must go on..



*SDS JO8-4: achter vlnr: Harm, Lisa, Jesse, Redmer, Niels
voor vlnr: Tys, Sinne, Wout en Mika. Dirk ontbreekt op de foto.*

Tjerk van der Pol, Teammanager Mini-league

**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs elke dei op
www.vv-sds.nl!**

SDS -Look-a-likes(33)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútsjer, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei DeTreffer@vv-sds.nl
Dizze kear mei tank oan Bote, Tjerk en Jan-Friso.

Hendirk Kuijt as Dirk Engbrenghof:



Wout Dijkstra as Erling Haaland:



Rick Hendriks as ragebol:



Kees'Kollum; 'Gerstekorrelsteek'

Se wienen der klear foar, dat seach Erik oan de strakke kopkes. Yn de tarieding hienen se diskussieard oer de ribbelsteek, it boardpatroan en de gerstekorrelsteek. Bogarde hie op it ynternet moaie filmpkes fûn foar begjanners en efter de skermen hie Marc stiekem nog goedkeape wol hosselt bij Jan Sikkes. Se wienen as seleksje sels nei Tryater west om de foarstelling Breidzjen te sjen, ek al bestjutte dat dat Onana en Marzaoui no



definityf net bytekenje woenen. Der moest wat moais breide wurde foar Oekraïne en dit kear moesten se it opnimme tsjin wat Portugezen die't amper in breipen beet hâlde koenen. It fluitsignaal gie en it lûd fan de breipennen wie oorverdovend. Erik genoat fan de felle hânbewegingen en herkende de earste patroontsjes. Och, wat stie die Antony der lekker in luske te meitsjen yn de mou, hy liet sa no en dan sels de breipen in saltootsje meitsje. Op de oare flank stie good old Dusan, in baken fan fertrouwen, die't yn de tarieding syn oefenlapke it earst klear krigen hie. Haller kaam dan noch net echt út de ferve, mar die hie dit jier al tsien pear sokken ôfmakke, dus dat soe fansels ek wol losrinne fanne jûn. Oan de oare kant wurken de Portugezen tegearre oan ien luttele sok. Wat in earmoede! De minuten rûnen troch. Oh, wat hearlijk dat Daley al hieltiten in pear stekken foarút tocht. Gravenberch wie dan soms oeral te finen mei syn kloske wol, mar telkens at hij ferstrikt dreigde te reitsjen hie Daley alwer in simpele oplossing; efen de trie ûndertroch helje, elleboog op tafel en stifte mar! It fluitsje gie, rêst. Erik skrok op. Hy hie hiel wat moais sjoen en skonk tefreden de té yn, mar der ûntbruts wat. 'No worries, trainer', seinen de Meksikanen, 'we have genôch gritta'. Twadde helte. Stuch trochgean. Noch altiten deselde patroantsjes, mar no iets minder frivoal, iets minder oertsjoeging. Erik krijt in appke. It is in ôfbylding fan Marc. 'Net downloade, kop bij de wedstriid hâlde', tinkt hy. Miskien sa marris wikselje, mar wa? Erik krijt it der suver waarm fan. De iene sok fan de Portugezen is klear, oan in twadde begjinne se net mear. Jan Vertonghen ferededigt de sok mei syn libben. De patroanen fan Erik binne dan wol moai, se slûte net op elkoar oan. Brobbey der mar yn, de man dy't it minst mei breidzjen hat. Hy krijt de âlde breipennen fan Quincy wer't wat reads op sit. 'Let dêr mar net op!'. De tiid tikket fuort. Erik hat it yntusken Spaansk benaud krigen ûnder syn koltrui en set mei in ruk it raam iepen. Krekt op it momint dat hy wat opluchting fielt, krijt hy fan bûten in folle laach Saharasân yn de eagen stroaid. Wie it in Portugees? Hy is der gjin stek wizer fan wurden.

“No worries, trainer”

(KA)

In kraammandsje bringe by Dirk-Yde Sjaarda

Yn septimber hawwe Dirk-Yde Sjaarda en syn freondinne Imke van der Leest in lytse poppe krigen. Wy binne wol benijd hoe 't Dirk-Yde dit belibbet en as hy it wat kombinere kin mei al syn oare wurksomheden.



Hoe is it mei dy?

Meastentiids giet it prima. Dat wol sizze; ik bin noch herstellende fan Corona, oftewol long COVID. Ik haw muoite om my langduorrich de konsintrearjen en ik reitsje ridelik gau oerprikkele. Mar gelokkich ha ik der yn kondysjoneel opsicht gjin lêst fan en kin ik dus ek lekker fuotbalje by SDS 5.

Op 26 septimber hawwe jim lytse Mats Dirk krigen. Hoe giet it mei Mats en mem?

Dat giet sa best as wat! Mats docht it hartstikke goed en mem ek.

Gjin lêst fan brutsen nachten?

Oer it algemien meie we net klaaie.

Do wiest fêst wol bliid dasto wer ris fuotbalje koest tink by SDS 5? En do hast sels ek alwer efkes keatst hearden wy?

At it in bytsje kin dan bin ik der sneons by. Dat fyn ik fierstente leuk. Ik haw net in wedstriid mist troch de geboorte fan Mats. Boppedat gean der geruchten dat Mats de reden is dat de ballen fan't jier sa makkelik yn de goals bedarje. En lêsten haw ik yndie ek efkes oant muorrekeatsen west yn'e sporthal. Ek dat lytse baltsje bliuwt fantastysk moai.

Of kin mem no wer te follyballen?

Wy hawwe lêsten ús earste sammelike sportsneon hân. Ik fuotbalje en Imke follybalje. Doe koe tante Wilma har wille net op mei Mats, dus dat gong sa moai as wat.

Kinne wy Mats fêst ynskriuwe by SDS? Of wurdt it keatsen of follybal? Al sjoch ik it him eins ek wol alle trije dwaan.

Dat is krekt noch wat te betiid. Mar at hy wat fan syn heit en mem meikrigen hat, dan moat it mei de balsporten wol goed komme, wat it ek mar wurdt.

Wolst oars noch wat kwyt?

Op nei in moai slot fan de kompetysje!

Mar noflik genietsje fan lytse Mats!

Wy hoopje him gauris oan de line te sjen by SDS 5. (WW)

Slút je oan by GEKE en stypje SDS!

Sa't jimme witte is der fanút doarpsbelang Hâld Faesje fan Easterein in enerzjy koöperaasje oprjochte:

Griene Enerzjy Kooperasaasje Easterien. GEKE

Wat wolle sy?

GEKE hat as doel it befoarderjen fan de leefberens en duorsumens yn Easterein.

Mar hoe wurket dat dan?

GEKE is 'wederverkoper' fan stroom en gas fan Energie VanOns. Dit is in enerzjyleveransier dy't oprjochte is troch alle koöperaasjes meiinoar út Fryslan, Grins en Drinte. Energie VanOns keapet stroom en gas regionaal yn en lit de opbringsten fia de koöperaasjes wererom floeie nei de doarpen. GEKE kriget as wederverkoper € 75,- per oanslúting per jier. Mei dit jild kinne we projekten dwaan om in duorsum doarp te wurden, mar we kinne it ek breder ynsette troch ferienings finansjeel te helpen om sa de leefberens te befoarderjen.

Wat is it idee?

GEKE wol yn gearwurking mei de ferienings fan Easterein sjen om safolle mooglik leden te krijen. It idee is dat elke feriening syn leden freget mei stroom en gas oer te stappen nei GEKE. De fergoeding foar de feriening is € 37,50 per oanslúting en € 37,50 euro is foar GEKE dy't dit ynsette sil foar de duorsumens yn Easterein. Dus stappe der 10 leden oer dan krijt SDS € 375,- per jier.

Wy tinke mei GEKE dat dit in prachtige manier is om oan ekstra sinten te kommen foar SDS! SDS is fan doel om dit jild te reservearen foar b.f. in pannakoai of mei de tiid in nije toplaag foar it keunstgersfjild.

Binne jo ynteressearre meldt je dan sa gau as mooglik oan by GEKE oan op de mail fia: info@geke-easterein.nl en jou oan dat je SDS stypje wolle!

Binne der fragen, as wolle jimme dat ien fan GEKE del komt om dit fierder ta te ljochtsjen, sjoch dan op de webside fan GEKE (<http://www.geke-easterein.nl/>) of nim kontakt op mei ien fan de bestjoersleden fan GEKE: Fedde Wiersma, Gerrit Bergsma, Johannes Dijkstra, en Marcel Janssen

GEKE GRIENE ENERZJY
KOÖPERAASJE EASTEREIN

VanOns

De âlde doaze fan Bauke de Boer



Bauke de Boer fûn noch wat aardichs op solder. It is in programmaboekje fan SDS 1 – CVVO 1 op sneon 24 novimber 1979. SDS 1 spile doe yn de 4^e-Klasse. SDS 1 waard dat seizoen kampioen mei 1 puntsje foarsprong op CVVO.

STAND 4E KLASSE A DER KNVB per 24-11-1979


S.D.S.	10	4	5	1	13	16	-	8
Q.V.C.	10	5	3	2	13	18	-	12
C.V.V.O.	10	5	2	3	12	12	-	10
DELFTSTRAHUIZEN	10	4	3	3	11	7	-	5
C.S.L.	10	4	3	3	11	15	-	14
LEEWARDEN	10	3	4	3	10	15	-	13
ZEEROBEN	10	3	4	3	10	11	-	14
BROEKSTER BOYS	10	2	5	3	9	15	-	16
HARDEGARIJP	10	3	3	4	9	11	-	13
HEEG	10	4	1	5	9	11	-	13
H.J.S.C.	10	1	5	4	7	9	-	14
MAKKUM	10	1	4	5	6	4	-	10

Vandaag dus wederom een topper in Costerend. CVVO is tot nog toe de enige ploeg, die SDS heeft verslagen. In de eerste de beste wedstrijd van dit seizoen was dat. Zou SDS zich vandaag voor deze nederlaag kunnen revanchezen? Wanneer de gevaarlijkste man van de tegenstander (spits Piet Kuipers) wordt uitgeschakeld en SDS rustig zijn kansen afwacht, mogen wij toch wel, mede gezien de goede resultaten van de laatste tijd, op een gunstig resultaat hopen.

Zeerobben	-	Leeuwarden
SDS	5 - 2	CVVO (scheidsr. Spijkerman)
Heeg	-	Delfstrahuzen
QVC	-	Hardegarijp
HJSC	-	Broekster Boys
Makkum	-	CSL

Dit zijn de wedstrijden van hedenmiddag.

Volgende week de uitwedstrijd:
Leeuwarden - SDS (aanvang 14.00 uur)



Tsjintwurdich wurdt der wolris wat geheimsinnich dienen oer opstellingen. Yn 1979 wie dat noch net sa. De seleksjes wienen faaks net grutter as 13 man en je spilen it hiele seizoen sa goed as yn deselde opstelling. Je bellen op tongersdeitejûn mei de tsjinstanner en dy joechen je de nammen foar yn it programmaboekje.

SDS 1 wûn dizze wedstriid tsjin CVVO 1 mei 5-2. De doelpunten fan SDS waarden makke troch Klaas Overal, Klaas Okkema, Jelle de Boer en Roelof Joustra (2x).

Ut de âlde doaze

2022 bestiet SDS 75 jier. Yn 1997 bestie SDS 50 jier. Dizze twa foto's binne fan doe. Mear foto's fan dat jier kinne jim fine op dizze side op ús webside : <https://vv-sds.nl/jubileum-1997/>



Doelpuntenmakers senioaren 2021-2022

Oant 20 maart hawwe wij de doelpunten bijwurke.

SDS 5 is it meast produktyf mei 71 en SDS VR1 it minst mei 8 doelpunten. De produksje fan SDS 1, ús flaggeskip, begjint ek op stoom te kommen. SDS Vr1 hat no ek al 8 kear skoard en ien oerwinning helle.

SDS 5	SDS 3	SDS 4	SDS 2	SDS 1	SDS VR1	totaal
71	37	23	19	14	8	172

Dirk Yde Sjaarda sil dit seizoen net mear ynhelle wurde troch wa ek mar. Mei 31 doelpunten yn 15 wedstriden, dan sit je op in goed gemiddelde.

Bij de spilers dy't 1,2 of 3 kear skoard hawwe, steane tal fan spilers dy't foar it earst bij de senioaren skoard hawwe.

Neist dit ûndersteande rychje, binne der ek noch 9 spilers dy't trije kear skoard hawwe, 12 spilers dy't 2 kear skoard hawwe en 20 spilers dy't ien kear skoard hawwe. Jim kin dat neisjen op de side, want dêr stiet altyd de aktuele sitewaasje op. (<https://vv-sds.nl/foetbal/diversen/doelpuntenklassemint/>)

	SDS 5	SDS 3	SDS 1	SDS 4	SDS 2	SDS VR1	Totaal
Dirk Yde Sjaarda	31						31
Robert Sijbesma	11						11
Tjipke Klaas Okkema		10					10
Jelmer Posthumus		8		1			9
Hendrik de Jong	1	2	2				5
Frank Bervoets		5					5
Habtamu de Hoop		5					5
Henk Postma	5						5
Kevin de Haan		1		2	1		4
Arjen Los					4		4
Wessel Schraa		1		3			4
Feite de Haan	4						4
Peter Sijbesma	4						4

(AH)

Aginda

Wannear?	Wat ?
26-maart	SDS 1 – Oeverzwaluwen 1
2-april	Workum 1 – SDS 1
9-april	SDS 1 – SVM 1
10-april	Fia SDS nei sc Heerenveen – FC Groningen
16-april	Willemsoord 1 – SDS 1
18-april	Start SDS-dropaksje
23-april	SDS 1 – Sneek Wit-Zwart 1 mei nei de tiid muzyk fan Gerrit Poortinga yn de kantine
30-april	Tonego 1 – SDS 1
7-maaie	SDS 1 – DWP 1
7-maaie	Reuny âld-SDS 1 kampioen 1979-1980
10-maaie	Heerenveense Boys 1 – SDS 1
14-maaie	SDS 1 – Scharnegoutum mei nei de tiid muzyk fan
18-maaie	SDS-ledengearkomst
21-maaie	CVVO 1 – SDS 1
28-maaie	SDS 1 – Makkum 1
28-maaie	SDS-jeugdtoernoai
4-juny	Heeg 1 – SDS 1
25-juny	Midsimmercup yn Dronryp
10-aug.	SDS bestiet 75 jier!
27-aug.	SDS 1 -
2 sep.	Feest 75-jierrich jubileum SDS
3 sep.	Feest 75-jierrich jubileum SDS





drive

We trekken graag een sprintje om aan uw wensen te voldoen. Uw drukwerk regelen wij vol kracht en overgave. Wij gaan ervoor en hebben er plezier in. Dat is onze kracht. Enthousiasme voedt ons bloed. Van begin tot eind werkt ons team van bevolgen, betrokken toppers aan uw product. Het eindresultaat telt, maar ook de weg ernaar toe. Prestatie vloeit voort uit passie, gedrevenheid en betrokkenheid. Wij denken graag met u mee, want samen komen we verder. Welkom bij Van der Eems.



grafische groep van der eems

VANDEREEMS.NL EASTEREIN / HEERENVEEN